

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
o.f. H.M. de Jonge
Postbus 20011
2500 EA DEN HAACH

Ljouwert, 28 novimber 2023

Achte minister De Jonge, achte minister Dijkgraaff,

De moasje oer Frysk yn it mbû dy't de Twadde Keamer oannommen hat op 8 desimber 2022,¹ hawwe jo oernommen. As tarieding fan jo stânpunten en eventueel nij belied hat de minister fan BZK, mei út namme fan de minister fan OCW, op 5 july 2023 DINGtiid fersocht om ûndersyk te dwaan nei it Frysk yn it mbû;² al by in bestjoerlik oerlis op 22 maart 2023, lykas jo ek yn jo brief melde, hawwe wy de minister fan BZK witte litten dat dossier opsplitse te wollen yn in rjochtingjaande advysbrief op relatyf koarte termyn, en in wiidweidiger advys dat diel útmeitsje sil fan ús kommende Wurkprogramma 2024/2025. DINGtiid hat jo op 26 septimber 2023 yn in brief witte litten graach, op de sketste wize, op it advysfersyk yn te gean. Lykas sein is dêrom yn ús Wurkprogramma 2024/2025, oan jo foarlein op 31 augustus 2023, ûndersyk opnommen nei it Frysk yn it mbû. It sil him rjochtsje op de mooglikheden om it Frysk yn it mbû te fersterkjen. As tarieding dêrfan hawwe wy yntusken observaasjes dien en ferkennende petearen fierd mei relevante stakeholders.

Yn dizze advysbrief jout DINGtiid syn earste befinings. Dy bestean út guon observaasjes, it oanjaan fan de rjochting fan it oanstearde ûndersyk, en twa konkrete oanrikkemandaasjes om al op koarte termyn it Frysk yn it mbû fuort te sterkjen.

It mbû yn Fryslân

It mbû biedt oan de learlingen yn Fryslân in grut ferskaat oan opliedings foar beropskrêften yn fitale funksjes. It docht ús goed dat de minister fan OCW him mei syn brief oan 200.000 eineksamenkandidaten fan hafû en fwû posityf útsprutsen hat foar it mbû, as reële karmooglikheid as ferfolchûnderwiis foar dy learlingen: "Freegje dysels ôf wêr'tst wille en foldwaning út hellest en wêr't dyn takomst leit" (oerset sitaat yn *Trouw*, 31 oktober 2023). Foar in hiel soad studinten fan de mbû-ynstellings fêstige yn Fryslân, leit de takomst yn Fryslân – de provinsje dêr't de talen Nederlânsk en Frysk yn it beropslibben fan in soad minsken beide in fanselssprekkende rol spylje.

Fan it skoaljier 2023-2024 ôf is ROC Firda de grutste mbû-ynstelling yn Fryslân, mei in grut tal opliedings op 5 kolleezjes yn Fryslân (en 1 yn noardlik Flevolân). Dêrneist is Aeres MBO oanwêzich op 4 lokaasjes yn Fryslân (en 7 lokaasjes yn oare provinsjes). De lanlik operearjende Plysje-akademy hat in fêstiging yn Drachten en de Maritime Akademy yn Harns ressortearret ûnder it NOVA-kolleezje.

¹ Moasje nr. 36200-VII-130, yntsjinners: Van der Molen & Bevers.

² Briefskaaimerik: 2023-0000342240.

De measte mbû-studenten komme út de regio en 68% fan de ynwenners fan Fryslân mei in skoaldiploma hat in mbû-diploma. Foar it mbû jildt dan ek yn sterke mjitte: *fan en foar de regio!* Yn it ferline is al faker ûndersyk dien nei de posysje en it belang fan it Frysk yn sektoaren dêr't it mbû sterk fertsjintwurdige is, lykas ûnderwiis, (âlderein)soarch en bedriuwslibben.³

Struktuer

It mbû kent in grut ferskaat oan opliedings, mar de mienskiplike neamer is in yndieling yn basis- en beropsfeardichheden. Sawol de basis- as de beropsfeardichheden wurde mei-inoar ferantwurde yn in kwalifikaasjedossier. De kwalifikaasjedossiers wurde fêststeld en bysteld troch de 'Samenwerkingsorganisatie Beroepsonderwijs-Bedrijfsleven' (SBB).

Wetlik ramt

Oars as yn de WPO en de WVO binne yn de WEB (Wet Edukaasje en Beropsûnderwiis) gjin wetlike bepalingen foar it ûnderwiis yn it Frysk yn it beropsûnderwiis oanbrocht. De WEB biedt yn artikel 7.1.1. b wol romte om neist it Nederlânsk in oare taal te brûken, "(...) as it spesifike aard, de ynrjochting of de kwaliteit fan it ûnderwiis ofwol it komôf fan de studenten en fafû-studenten dêrta needsaket, oerienkomstich in gedrachskoade dy't troch it foechhawwend bewâld fêststeld is" (yn oersetting). Mei dy bepaling leit de ferantwurdlikheid foar ûnderwiis yn it Frysk yn it beropsûnderwiis folslein by de ûnderwiisinstellings sels. It ûnderwiis yn it Frysk yn de ferskillende sektoaren heart ta de mienskiplike ferantwurdlikheid fan de ryksoerheid, de provinsje Fryslân en de ûnderwiisinstellings. Dat is sûnt 1989 de basis fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer en boppedat it útgangspunt fan de bepalingen yn it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden. Nederlân hat dat Europeesk Hânfêst yn 1996 ratifisearre. Mei de ratifikaasje hat Nederlân boppedat ferplichtingen op him nommen foar it befoarderjen fan it Frysk yn ferskillende sektoaren fan it ûnderwiis (art. 8 Edukaasje), mar dêrbinnen oant no ta net foar it mbû. By de periodike konsultaasjes fan de Committee of Experts fan de Ried fan Europa oangeande de ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst is út it ûnderwiisfjild yn Fryslân wei geregeldwei omtinken frege foar it ûntbrekken fan in bepaling foar it beropsûnderwiis en de útdruklike wisk oan de ryksoerheid utere om art. 8.1.d fan it Europeesk Hânfêst dochs noch te ûndertekenjen. De praktyk en ambysje binnen it mbû rjochtfeardigje it ûndertekenjen fan art. 8.1.d ûnderdiel iii (yn oersetting): "Binnen it technysk ûnderwiis en it beropsûnderwiis te foarsjen yn it ûnderwizen fan de oanbelangjende regionale talen of talen fan minderheden as yntegrearjend part fan it learplan."

Untwikkelings Frysk yn it mbû

Yn it mbû is in groeiend besef fan it belang fan it Frysk yn de beropspraktyk. Al langere tiid biede de opliedings binnen it domein Soarch en Wolwêzen in kardiell Frysk oan (240 oeren). Sûnt 2021 bestiet *Wy binne mbû*, in breed gearwurkingsferbân tusken de mbû-ynstellings Aeres en Firda en

³ Sjoch, respektiflik, *Taalplan Frysk 2030* (NHL Stenden hegeskoalle 2021), *Hokker taal prate jo?* (Afûk 2013) en *De positie van het Fries in het bedrijfsleven* (E&E 2020). Dy ûndersiken binne oars ek relevant foar it realisearjen fan ambysjes yn oare as it ûnderwiisdomein binnen it Europeesk Hânfêst en de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer.

taalbefoarderingsynstitút Afûk, as ûnderdiel fan *Taalplan Frysk 2030. Wy binne mbû* is û.o. aktyf op it mêd fan de ûntwikkeling fan in mienskiplike ûnderwiisfyzje oangeande taallearen, it formulearjen fan taalbelied en it realisearjen fan ûnderwiisprogramma's op ferskate terreinen oangeande Frysk en meartaligens yn Fryslân. Under harren aktiviteiten falt ek it ferkennen fan mooglikheden foar in kardiell Frysk yn oare beropsopliedings. Boppedat reflektearret *Wy binne mbû* op de wize wêrop't de Fryske taal yn de basisfeardichheden opnommen en stal jûn wurde kin. Dêrta wurde eksperiminten en ek al fêste ûnderdielen ynrjochte.

Praktoraat

Underwylst hat it management fan Firda útsprutsen, dat der noch mear omtinken foar Frysk yn de opliedings komme sil. Firda wol dat û.o. dwaan troch it ynstellen fan in Praktoraat 'Meartaligens en Letterens yn it mbû'. It KfB fan Firda hat dat beliedsfoarnimmen ek opnommen yn de 'position paper' dy't yntsjinne waard foar it Rûnetafelpetear fan de Kommisje Ynlânske Saken foar de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer, op 12 oktober 2023; dêr waard ek yn ferwiisd nei de niisneamde Twadde Keamer-moasje, doedestiids mei yntsjinne troch Keamerlid Van der Molen, op 't heden wurksum by Firda.

Dat praktoraat krijt as earste taak om de besteande inisjativen en praktykfoarbylden te stypjen en fierder te bringen, en ek nije ûndersykstema's troch te tinken. It foarsjoene wurk fan it praktoraat rjochtet him û.o. op:

- de posysje fan it Frysk binnen it mbû
- identifikaasje mei de regio
- taalûnderwiis yn it mbû (ynkl. lêzen en letterens yn meardere talen)
- it boargjen fan regionaal taalklimaat yn it mbû (yn relaasje mei en oanslutend op it ferlet fan de regionale arbeidsmerk)

Dat betsjut oan de iene kant ynset op beropstaalfeardeichheden (by it berop passende registers), en oan de oare kant op beropstaalkontekst (effektyf kommunisearjen learen yn meartalige wurksituaasjes).

Befinings DINGtiid

As tarieding op dizze advysbrief hat DINGtiid ferkennende petearen fierd mei Aeres, Firda en Afûk (projektlieder Frysk binnen *Wy binne mbû*). Wy hawwe ek de Ynspiraasjedei 'Wy binne mbû' op 11 oktober 2023 bywonne. Us befinings sette ús derta oan om yn it ferdjipjende DINGtiid-ûndersyk omtinken jaan te wolle oan:

- (1) De winsklikheid om yn de beskriuwing fan de WEB dizze bepaling op te nimmen: "Op de mbû-ynstellingen yn Fryslân heart ta de basisfeardichheden **ek de Fryske taal**."
- (2) It mooglik ynbêdzjen fan in kardiell Frysk yn alle mbû-opliedings dy't yn Fryslân oanbean wurde (Firda, Aeres, Plysje-akademy en de Maritime Akademy).
- (3) It monitoaren fan de kwaliteiten dy't foar it útoefenjen fan it berop opdien binne yn de kwalifikaasjedossiers, yn it bysûnder oangeande de doelstellings lykas formulearre yn art. 1.2.1 lid 2 fan de WEB.⁴

⁴ Yn oersetting: "Beropsûnderwiis is rjochte op de teoretyske en praktyske tarieding foar it útoefenjen fan beroppen, dêr't in beropskwalifisearre oplieding foar fereaske is of nuttich wêze kin. It beropsûnderwiis befoarderet boppedat de algemiene foarming en de persoanlike ûntjouwing fan de studinten en draacht by oan it maatskiplik funksjonearjen."

Oanbefellings

DINGtiid kin op dit stuit al twa oanbefellings dwaan om de posysje fan it Frysk yn it mbû fuort te sterkjen.


As earste rjochtfeardigje de notiidske praktyk en ambysje binnen it mbû de ryksoerheid om art. 8.1.d ûnderdiel iii fan it Europeesk Hânfêst te ûndertekenjen en sa in al besteande situaasje te bestindigjen. DINGtiid rikkemandearret it Ryk dan ek oan om dat sa fluch mooglik te dwaan yn reaksje op de oanbefellings dêrta yn it ramt fan de evaluaasje troch de Committee of Experts oer de tapassing troch Nederlân fan de ferplichtings yn it Europeesk Hânfêst.

Fierder is út ús petearen en observaasjes oant no ta dúdlik wurden dat de ynstelling fan in Praktoraat 'Meartaligens en Letterens yn it mbû', lykas hjirboppe beskreaun, de heechste prioriteit hat. As omtinken foar it Frysk foldwaande boarge is yn de taakstelling, dan sil dat praktoraat nei ús fêste oertsjûging de posysje fan it Frysk binnen it mbû sterk ferbetterje. Wy riede de minister, en fia him ek de minister fan OCW, dan ek oan om de ynstelling fan sa'n praktoraat as nuttich en winsklik foar de beskerming en befoardering fan it Frysk as bedoeld yn it Europeesk Hânfêst oan te merken en dat fuort mooglik te meitsjen. Nei de oertsjûging fan DINGtiid is it de koartste klap om it gebrûk fan it Frysk binnen it mbû al op koarte termyn te befoarderjen.

Ferfolch

DINGtiid sil syn ferdjippjende ûndersyk begjinne en foltôgje yn de oankommende Wurkprogrammaperioade (2024/2025). Fansels bliuwe wy dêrby yn nau kontakt mei sawol it mbû-fjild as de oanbelangjende amtners, en sille wy tuskentroch oer ús fuortgong rapportearje. Mochten jo foar dy tiid noch fragen hawwe oangeande dit brief of ús oankommende trajekt, dan binne wy fansels altyd ree om dy te beäntwurdzjen.

Ut namme fan it bestjoer fan DINGtiid,
Mei freonlike groethnisse,



Jan Koster (foarsitter)



Alex Riemersma (bestjoerslid)

Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties
T.a.v. H.M. de Jonge
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 28 november 2023

Geachte minister De Jonge, geachte minister Dijkgraaf,

De motie over Fries in het mbo die de Tweede Kamer heeft aangenomen op 8 december 2022,⁵ hebt u overgenomen. Ter voorbereiding van uw standpunten en eventueel nieuw beleid heeft de minister van BZK, mede namens de minister van OCW, op 5 juli 2023 DINGtiid verzocht onderzoek te doen naar het Fries in het mbo;⁶ al tijdens een bestuurlijk overleg op 22 maart 2023, zo vermeldt u ook in uw brief, hebben we de minister van BZK laten weten dit dossier op te willen splitsen in een richtinggevende adviesbrief op relatief korte termijn, en een uitgebreider advies dat deel zal uitmaken van ons komende Werkprogramma 2024/2025. DINGtiid heeft u op 26 september 2023 per brief laten weten graag, op de geschetste wijze, op het adviesverzoek in te gaan.

Als gezegd is daarom in ons Werkprogramma 2024/2025, aan u voorgelegd op 31 augustus 2023, onderzoek opgenomen naar het Fries in het mbo. Het zal zich richten op de mogelijkheden tot versterking van het Fries in het mbo. Ter voorbereiding ervan hebben wij inmiddels observaties gedaan en verkennende besprekingen gevoerd met relevante stakeholders.

In deze adviesbrief geeft DINGtiid zijn eerste bevindingen. Deze bestaan uit enkele observaties, het aanduiden van de richting van het aanstaande onderzoek, en twee concrete aanbevelingen om al op korte termijn het Fries in het mbo te versterken.

Het mbo in Fryslân

Het mbo biedt aan de leerlingen in Fryslân een grote verscheidenheid aan opleidingen voor beroepskrachten in vitale functies. Het verheugt ons, dat de minister van OCW zich met zijn brief aan 200.000 eindexamenkandidaten van havo en vwo positief uitgesproken heeft voor het mbo als reële keuzemogelijkheid als vervolgonderwijs voor deze leerlingen: "Vraag jezelf af waar je plezier en voldoening uit haalt en waar jouw toekomst ligt" (citaat in *Trouw*, 31 oktober 2023). Voor heel veel studenten van de mbo-instellingen gevestigd in Fryslân, ligt de toekomst in Fryslân – de provincie waar de talen Nederlands en Fries in het beroepsleven van velen beide een vanzelfsprekende rol spelen.

Vanaf het schooljaar 2023-2024 is ROC Firda de grootste mbo-instelling in Fryslân, met een veelheid aan opleidingen op 5 colleges in Fryslân (en 1 in noordelijk Flevoland). Daarnaast is Aeres MBO aanwezig op 4 locaties in Fryslân (en 7 locaties in andere provincies). De landelijk opererende Politieacademie heeft een vestiging in Drachten en de Maritieme Academie in Harlingen ressorteert onder het NOVA-college.

⁵ Motie nr. 36200-VII-130, indieners: Van der Molen & Bevers.

⁶ Briefkenmerk: 2023-0000342240.

De meeste mbo-studenten komen uit de regio en 68% van de inwoners van Fryslân met een schooldiploma heeft een mbo-diploma. Voor het mbo geldt dan ook in sterke mate: *van en voor de regio!* In het verleden is al meermaals onderzoek gedaan naar de positie en het belang van het Fries in sectoren waarin het mbo sterk vertegenwoordigd is, zoals onderwijs, (ouderen)zorg en bedrijfsleven.⁷

Structuur

Het mbo kent een grote verscheidenheid aan opleidingen, maar de gemeenschappelijke noemer is een indeling in basis- en beroepsvaardigheden. Zowel de basis- als de beroepsvaardigheden worden samen verantwoord in een kwalificatiedossier. De kwalificatiedossiers worden vastgesteld en bijgesteld door de 'Samenwerkingsorganisatie Beroepsonderwijs-Bedrijfsleven' (SBB).

Wettelijk kader

Anders dan in de WPO en de WVO zijn er in de WEB (Wet Educatie en Beroepsonderwijs) geen wettelijke bepalingen voor het onderwijs in het Fries in het beroepsonderwijs aangebracht. De WEB biedt in Artikel 7.1.1.b wel ruimte om naast het Nederlands een andere taal te gebruiken, "(...) indien de specifieke aard, de inrichting of de kwaliteit van het onderwijs dan wel de herkomst van de studenten en vavo-studenten daartoe noodzaakt, overeenkomstig een door het bevoegd gezag vastgestelde gedragscode." Met deze bepaling ligt de verantwoordelijkheid voor onderwijs in het Fries in het beroepsonderwijs geheel bij de onderwijsinstellingen zelf.

Het onderwijs in het Fries in de verschillende sectoren behoort tot de gemeenschappelijke verantwoordelijkheid van de rijksoverheid, de provincie Fryslân en de onderwijsinstellingen. Dit is sinds 1989 de basis van de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer en tevens het uitgangspunt van de bepalingen in het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden. Nederland heeft dit Europees Handvest in 1996 geratificeerd. Met de ratificatie heeft Nederland tevens verplichtingen op zich genomen voor de bevordering van het Fries in verschillende sectoren van het onderwijs (art. 8 Educatie), maar daarbinnen tot op heden niet voor het mbo.

Tijdens de periodieke consultaties van de Committee of Experts van de Raad van Europa ten aanzien van de implementatie van het Europees Handvest is vanuit het onderwijsveld in Fryslân regelmatig aandacht gevraagd voor het ontbreken van een bepaling voor het beroepsonderwijs en de uitdrukkelijke wens aan de rijksoverheid geuit om art. 8.1.d van het Europees Handvest alsnog te ondertekenen. De praktijk en ambitie binnen het mbo rechtvaardigen het ondertekenen van art. 8.1.d onderdeel iii: "Binnen het technisch onderwijs en het beroepsonderwijs te voorzien in het onderwijzen van de desbetreffende regionale talen of talen van minderheden als integrerend deel van het leerplan."

⁷ Zie, respectievelijk: *Taalplan Frysk 2030* (NHL Stenden hogeschool 2021), *Hokker taal prate jo?* (Afûk 2013) en *De positie van het Fries in het bedrijfsleven* (E&E 2020). Deze onderzoeken zijn overigens ook relevant voor het realiseren van ambities in andere dan het onderwijsdomein binnen het Europees Handvest en de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer.

Ontwikkelingen Fries in het mbo

In het mbo is een groeiend besef van het belang van het Fries in de beroepspraktijk. Al langere tijd bieden de opleidingen binnen het domein Zorg en Welzijn een keuzedeel Fries aan (240 uur). Sinds 2021 bestaat *Wy binne mbû*, een breed samenwerkingsverband tussen de mbo-instellingen Aeres en Firda en taalbevorderingsinstituut Afûk, als onderdeel van *Taalplan Frysk 2030*. *Wy binne mbû* is o.a. actief op het gebied van de ontwikkeling van een gezamenlijke onderwijsvisie met betrekking tot taalleren, het formuleren van taalbeleid en het realiseren van onderwijsprogramma's op diverse terreinen met betrekking tot Fries en meertaligheid in Fryslân. Onder hun activiteiten valt ook het verkennen van mogelijkheden voor een keuzedeel Fries in andere beroepsopleidingen. Bovendien reflecteert *Wy binne mbû* op de wijze waarop de Friese taal in de basisvaardigheden opgenomen en vormgegeven kan worden. Hiertoe worden experimenten en ook reeds vaste onderdelen ingericht.

Practoraat

Inmiddels heeft het management van Firda uitgesproken, dat er nog meer aandacht voor Fries in de opleidingen zal komen. Firda wil dit o.a. doen door het instellen van een Practoraat 'Meertaligheid en Geletterdheid in het mbo'. Het CvB van Firda heeft dit beleidsvoornemen ook opgenomen in de 'position paper' die ingediend werd voor het Rondetafelgesprek van de Commissie Binnenlandse Zaken t.b.v. de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer, op 12 oktober 2023; hierin werd ook verwezen naar de genoemde Tweede Kamer-motie, destijds mede ingediend door Kamerlid Van der Molen, thans werkzaam bij Firda.

Dit practoraat krijgt als eerste taak de bestaande initiatieven en praktijkvoorbeelden te ondersteunen en verder te brengen, en ook nieuwe onderzoeksthema's te doordenken. De voorziene werkzaamheden van dit practoraat richten zich o.a. op:

- de positie van het Fries binnen het mbo
- identificatie met de regio
- taalonderwijs in het mbo (incl. lezen en geletterdheid in meerdere talen)
- de borging van regionaal taalklimaat in het mbo (in relatie met en aansluitend op de behoefte van de regionale arbeidsmarkt)

Dit betekent inzet op, enerzijds, beroepstaalvaardigheden (bij het beroep passende registers), anderzijds op beroepstaalcontext (het effectief leren communiceren in meertalige werksituaties).

Bevindingen DINGtiid

Ter voorbereiding op deze adviesbrief heeft DINGtiid verkennende besprekingen gevoerd met Aeres, Firda en Afûk (projectleider Fries binnen *Wy binne mbû*). We hebben ook de Inspiratiedag 'Wy binne mbû' op 11 oktober 2023 bijgewoond. De bevindingen brengen ons ertoe in het aanstaande verdiepende DINGtiid-onderzoek aandacht te willen besteden aan:

- (1) De wenselijkheid om in de beschrijving van de WEB deze bepaling op te nemen: "Op de mbo-instellingen in Fryslân behoort tot de basisvaardigheden **tevens de Friese taal.**"
- (2) De mogelijke inbedding van een keuzedeel Fries in alle mbo-opleidingen die in Fryslân aangeboden worden (Firda, Aeres, Politieacademie en de Maritieme Academie).

(3) De monitoring van de opgedane kwaliteiten voor de uitoefening van het beroep in de kwalificatiedossiers, in het bijzonder m.b.t. de doelstellingen zoals geformuleerd in art. 1.2.1 lid 2 van de WEB.⁸

Aanbevelingen

DINGtiid kan op dit moment al twee aanbevelingen doen om de positie van het Fries in het mbo te versterken.


Als eerste rechtvaardigen de huidige praktijk en ambitie binnen het mbo de rijksoverheid om art. 8.1.d onderdeel iii van het Europees Handvest te ondertekenen en zo een reeds bestaande situatie te bestendigen. DINGtiid beveelt het Rijk dan ook aan om dit onverwijld te doen in reactie op de aanbevelingen daartoe in het kader van de evaluatie door de Committee of Experts over de toepassing door Nederland van de verplichtingen in het Europees Handvest.

Verder is uit onze besprekingen en observaties tot nu toe duidelijk geworden dat de instelling van een Practoraat 'Meertaligheid en Geletterdheid in het mbo', zoals hierboven beschreven, de hoogste prioriteit heeft. Indien aandacht voor het Fries afdoende geborgd is in de taakstelling, zal dit practoraat naar onze stellige overtuiging de positie van het Fries binnen het mbo sterk verbeteren. We raden de minister, en via deze ook de minister van OCW, dan ook aan om de instelling van zo'n practoraat als nuttig en wenselijk voor bescherming en bevordering van het Fries als bedoeld in het Europees Handvest aan te merken en dit op de kortst mogelijk termijn mogelijk te maken. Naar de overtuiging van DINGtiid is het de kortste klap om het gebruik van het Fries binnen het mbo al binnen zeer afzienbare tijd te bevorderen.

Vervolg

DINGtiid zal zijn verdiepende onderzoek starten en voltooien in de aankomende Werkprogrammaperiode (2024/2025). Uiteraard blijven we daarbij in nauw contact met zowel het mbo-veld als de betreffende ambtenaren, en zullen we tussendoor over onze voortgang rapporteren. Mocht u voordien nog vragen hebben met betrekking tot deze brief of ons aanstaande traject, dan zijn we uiteraard te allen tijde bereid deze te beantwoorden.

Namens het bestuur van DINGtiid,
Met vriendelijke groet,



Jan Koster (voorzitter)



Alex Riemersma (bestuurslid)

⁸ "Beroepsonderwijs is gericht op de theoretische en praktische voorbereiding voor de uitoefening van beroepen, waarvoor een beroepskwalificerende opleiding is vereist of dienstig kan zijn. Het beroepsonderwijs bevordert tevens de algemene vorming en de persoonlijke ontplooiing van de studenten en draagt bij tot het maatschappelijk functioneren."